


g-6785

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

.....

REDAKSJE: Sytske Dykstra-Bouwhuis, tel. 2968
 Richtsje Speerstra-Bakker, ,, 2635
 Rients van Buren, ,, 9280
 Marten Kikstra, ,, 9269
 Jan Dykstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Thea Dam-Ruiter.

OMSLACH: Albert van Lingen jr., Wergea.

REDAKSJE-ADRES: Sylroede 5.

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; gironr. 856.829 t.n.v.
 Rabobank Bolsward, reknr. 3087.56.800
 t.g.v. It Skieppesturtsje Tjerkwerd.



FOARWURD:

It lette jier

Stil stjerre	De komposysje
de dagen	foar moarn
allyk	leit ree
de lêste klanken	yn ferwachting
fan muzyk	en hope





Achte lêzers,

Dit gedicht, skreaun troch Akke Wybinga, is te finen op ien nei de lêste side fan de skriuwerskalinder by wike 52. It jier is hast wer oan ein. Sinteklaas hat al wer plak romme foar krystman en krystbeam.

As we noch wer in wike fierder binne is 1985 ek wer histoarje. In jier mei in bytsje heechstandsjes wat it waar oanbelange.

Foar in protte minsken is 1985, wat it persoanlik lok oangiet, in goed jier west; foar oaren hat it ek fertriet meibrocht.

As redaksje kinne we op in goed skieppesturtjier werom sjen. It wie ús 9e jiergong alwer, mei dan no it 52e nûmer.

Der is it ôfrûne jier net sa folle feroare; de redaksjeleden kinne altiid noch aardich mei elkoar oerwei, omslach en ynhâld binne ek noch by it âlde. De ferienings stjoerden trou harren kopy yn en mei de kas stiet it der ek net sa min foar.

Dus gjin winsken fan ús kant? Ja, dochs wol!

We soene nammentlik graach ris wat mear reaksjes út it fjild ha wolle op ús aller doarpskrante; moat er bliuwe sa't er is, of soe er ris oars fan opset wurde moatte? Lit it ús ris witte!

Wat noch net feroaret is de jierlikse útrikking fan 'e 'Skieppesturt' op 'e jûn fan de earste jannewaris.

Noch efkes en we sille wer witte wa of hokker groep of feriening dizze hege eare takomt. Noch mar efkes de toskjen op elkoar; der wurdt wol faker yn't lêst fan 'e wedstriid in doelpunt makke. We rekkenje yn elts gefal op in noflike jûn mei in protte folk.

Mar safier is it fansels noch net.

Der wachtet ús noch in sfearfol lêst stikje 1985.

We winskje jimme dêrom hjirby noflike krystdagen en in goed útein en in lokkich 1986.

De Skieppesturt-redaksje / Rixt.

* *
 Voor alle belangstelling in de vorm van bezoek,
 kaarten, bloemen, fruit en de vele andere attenties
 die ik mocht ontvangen bij m'n verblijf in het ziekenhuis
 en bij m'n thuiskomst zeg ik u allen ook namens Marten *
 heel veel dank. Het was geweldig.
 Tevens wensen wij u allen prettige kerstdagen en een
 gelukkig, maar vooral een gezond 1986 toe.

Maarten en Annie v.d. Wal

BERICHTEN VAN DE DORPSOMROEPER:



Voorwaar een flink aantal mensen op de avond van de
 15de november j.l. in het Waltahuis bij de vergadering
 van de Ver. van dorpsbelangen en waarbij ik de prijs-
 uitreiking hield van de 8ste tuinwedstrijd 1985.
 Schreef ik in het voorlaatste nummer nog woorden
 als matheid e.d. over de genoemde wedstrijd, maar na
 deze prachtige avond en waar de prijzen meende ik ook
 goed verdeeld waren en waar de publieksprijs nog toegekend
 werd aan O. Flapper, meende ik dan ook dat het komende
 jaar alles moet blijven zo wij begonnen zijn.
 Nogmaals bestuur van de Ver. dorpsbelangen en al de
mensen die een bijdrage gaven voor de instandhouding
 van de genoemde tuinwedstrijden heel hartelijk dank!!
 Dit alles gaf mij weer moed voor de komende jaren!
 Zoals ik menigmaal het afgelopen jaar langs Kade -
 Kerkstr. - Singel - Waltaweg en Sylroede ging met een
 of andere bekendmaking hetzij van geboorte, jaarver-
 gaderingen, toneel en dansavonden, dorpsfeest en vele
 andere mededelingen, in totaal tot op deze 14de december
 27 maal en vaak als u luisterde en dat neem ik aan,
 waren mijn woorden steeds, ik maak u er nogmaals op attent
 en woorden zoals, ik herinner een ieder van u er nog-

maals aan, en woorden als voor diegenen die het wel wisten, of niet meer wisten.
En ditmaal eens niet met de bel maar met de pen vanaf de eerste dag van 1985.

Dinsdag 1 januari.

Grote menigte bevolkte in de avonduren het Waltahûs. Het echtpaar H. Gietema-v. Wieren word de hoogste dorpsonderscheiding omgehangen.

Woensdag 9 januari.

Vreugde ten huize van het echtpaar Dijkstra en de dorpsomroeper maakt de geboorte van Nynke bekend.

Zaterdag 12 januari.

Overleden te Sneek mevr. v.d. Meer-Oedsma oud 83 jaar. Schaatswedstrijd voor de jeugd, waar Reinder Poelstra bij de jongens en Carolien Hendrik bij de meisjes de besten waren.

Vrijdag 18 januari.

Jong schaatstalent Menno Poelstra wint op de schaatswedstrijd alhier de D. Walsma wisselbeker.

Voor de ouderen won Ids Schukken de IJscclubbeker.

Zaterdag 19 januari.

Damesschaatswedstrijd.

De Waltahûsbeker voor Bea Gietema en de P. Poelstra-beker voor Tiny v.d. Meer-Jukema.

Zondag 20 januari.

In de vroege namiddag maakt Ir. Sipkema bekend op de t.v. vooreerst nog geen elfstedentocht per schaats.

Maandag 21 januari.


4 Schaatsters uit Oppenhuizen rijden toch de elfstedentocht. Bij aankomst alhier laat de dorpsomroeper de bel horen en datzelfde deed Radio Fryslân om half één.

Donderdag 24 januari.

Precies 40 jaar geleden vierde de dorpsomroeper zijn 25ste verjaardag in het H. v. B. te Leeuwarden.

De maand januari telde 12 - 14 nachten met strenge vorst.





Zaterdag 2 februari.

Toneeluitvoering in het Waltahûs door eigen toneelgroep.

Zondag 3 februari.

Een dertigduizendtal is het minimaal, maar wie vijftigduizend mensen zei, kan ook gelijk hebben gingen kijken bij de mounties on the rocks te Makkum.

Maandag 4 februari.

Dorpsomroeper laat zich portretteren bij de ijsbergen te Makkum.

Vrijdag 8 februari.

Geboren Ynze Wandert Tiesma op Baburen no. 11.

Vrijdag 15 februari.

Piet Tolsma geridderd in de orde van de liesslagader.

Zaterdag 16 februari.

10.000 Schaatsers rijden langs ons dorp vanwege de Elfmerentocht, elfstedenkoorts in geheel Friesland.

Ook Tiny v.d. Meer-Jukema reed met haar man Tjalke en de 12 jarige Sjoukje mee en schreef nog een prachtig verslag in de dorpskrant!

Dinsdag 19 februari.

Waltahûs-Schaatstocht, grandioos succes.

De auto's van de deelnemers van elders staan bijna tot Bolsward.

Woensdag 20 februari.

Een markante dorpsfiguur ging van ons heen.

Harmen de Boer overleed in het S.A.Z. te Sneek en werd 84 jaar oud.

Donderdag 21 februari.

Een onvergetelijke dag!

Velen en ook uit ons dorp zagen hun liefste wens nog eens in vervulling gaan. De 13de Elfstedentocht op de schaats!

Het Algemeen Dagblad van die morgen van de 21ste febr.

plaatste een foto van de dorpsomroeper en schreef daaronder het volgende: Elfstedenrijders die vanmorgen slaperig Tjerkwerd passeren zullen worden wakker geluid door de bel van de dorpsomroeper uit die plaats.

Woensdag 27 februari.

Werd geboren Marten Jouke Hylkema op Baburen no. 7.



Zaterdag 2 maart.

Zeer geslaagde muziekuitvoering van 'Eensgezindheid', met als grote uitblinker de jonge drummer Reinold!

Woensdag 13 maart.

Op 93 jarige leeftijd overleed in 'Avondrust' te Makkum Sietse Bartsma.

Woensdag 27 maart.

Vredes Platform-Wonseradeel. Videofilm in het Waltahûs in totaal 2 bezoekers.

Jaap van Lingen vind om 5.30 uur in de namiddag wederom het eerste kievitseï van Tjerkwerd.

Zaterdag 6 april.

Etje Koopman word vandaag 87 jaar.

Zaterdag 13 april.

Rommelmart in de Haarsma's hallen muziek ver.

'Eensgezindheid' opbrengst $\pm$ f 3000,-.

Dinsdag 16 april.

Vergadering begrafenisvereniging. Aanwezig 3 van de 125 leden.

Woensdag 17 april.

Ouderavond school in het Waltahûs.

Vlag op de brug, Renske B. in de VUT.

Donderdag 18 april.

Dorpsomroeper laat de inwoners alhier weten, dat Marrit geboren op 21 januari j.l. in Korea liefdevol is opgenomen in het gezin van Hille en Lutske Schakel.

Zaterdag 20 april.

Velen dachten aan een elfstedentocht toen de KM's lange stoet tractoren langs Tjerkwerd reed.

Woensdag 24 april.

Buitengewone vergadering sportvereniging in het Waltahûs. Gaan wij er mee door of stoppen wij er mee?

Donderdag 25 april.

Albert van Lingen 25 jaar bij de Hollandia Fabriek.

Dinsdag 30 april.

Viering Koninginnedag.

Donderdag 2 mei.

Sippie Bakker van Baburen trouwde met Harmen Draaier.

Maandag 6 mei.

Dorpsomroeper maakt de geboorte bekend van Cathrien Janke van de Bolswarderweg 1a.

Maandag 27 mei.

Een van de warmste **Pinksterdagen** van deze eeuw,
25. - 30 °C.

12.000 pedelaars doen mee aan de 39ste tocht na de oorlog.

Dorpsomroeper gaat als zwartrijder mee in groep 10 tot dorp van Greate Pier.

Zaterdag 8 juni.

Om 2 uur in de middag opende vrouwe Stel de deur voor Artisjok-se kleur.

Zaterdag 15 juni.

In Baflo overleden ds. L. Luteijn in de ouderdom van 65 jaar.

Dinsdag 18 juni.

Hylke Feenstra zag Abraham.

Zaterdag 22 juni.

Schoolvereniging laat de dorpsbewoners weten nieuwbouw school.

Zondag 23 juni.

'Eensgezindheid' geeft koffieconcert.

Dinsdag 25 juni.

Meinze Poelstra vandaag 80 jaar.

Dinsdag 16 juli.

Vreugde ten huize van het echtpaar Witteveen, Waltaweg 47 en zij laten de dorpsomroeper de geboorte bekendmaken van hun 2de zoon Seakle.

Zaterdag 27 juli.

Germ en Grietje de Jong 25 jaar in de echt verbonden.

Donderdag 1 augustus.


Enorme regenval.

Woensdag 7 augustus.


Vierden Broer en Griet Burghraef hun gouden huwelijksfeest.

Zaterdag 10 augustus.

Op 73 jarige leeftijd overleden Sint Postma wonende te Sneek.



Woensdag 14 augustus.
 Temp. 28°C. Vijf uur in de namiddag is het nachtelijk
 donker. Windstoten met zwaar onweer.
 Vrijdag en zaterdag 16 en 17 augustus.
 Jaarlijks dorpsfeest.
 Zondag 18 augustus.
 De feestvlagjes wapperen nog dapper in de wind.
 Zaterdag 24 augustus.
 Frans v.d. Hauw gaf orgelconcert.
 Maandag 2 september.
 Burgemeester Abma vandaag 55 jaar.
 Zaterdag 7 september.
 Wonseradeel - fietstocht.
 Zaterdag 14 september.
 Siep en Annie Hiemstra 25 jaar getrouwd.
 Zaterdag 5 oktober.
 Opendag bejaardentehuizen. Dorpsomroeper vraagt
 inlichtingen en laat zich rondleiden.
 Vrijdag 11 oktober.
 Jannie Gietema en Cronius Kramer laten hun huwelijk
 inzegenen in de R.K. kerk te Bakhuizen door pastoor
 Coenders.
 Zaterdag 12 oktober.
 Bingo in het Waltahûs.
 Dinsdag 15 oktober.
 12 Leden op bejaardensoos.
 Zaterdag 19 oktober.
 Bejaarden en zieken krijgen een bloemengroet i.v.m.
 T.W. 1985.
 Woensdag 23 oktober.
 Vrouwenvereniging 'Martha-Maria' bazar en spelavond.
 Netto opbrengst f 3710,04.
 Geboren: Suzanne Maria Witteveen op Baburen no. 1.
 Donderdag 24 oktober.
 Voorteerst in de morgen weer flink ijs op de ramen.
 Zaterdag 2 november.
 Djoeke Poelstra vandaag 80 jaar.
 Woensdag 6 november.
 Eerste najaarsstorm.
 Vrijdag 8 november.
 Jaarvergadering Oranje-vereniging.





Vrijdag 15 november.

Uitreiking prijzen Tuinwedstrijd 1985.

Zondag 24 november.

Laatste zondag kerkelijkjaar.

Donderdag 28 november.

10 - 15 cm sneeuwval.

Zaterdag 30 november.

Cabaretavond, Waltahûs.

Maandag 9 december.

Oud dorpsgenoot Jouke Hylkema sr. vierde in Parrega z'n 80ste verjaardag.

Woensdag 11 december.

R.G. de Jong viert zijn 83ste verjaardag.

Zaterdag 14 december.

Overleden op 78 jarige leeftijd Douwe van der Meer.


En ook in dit jaar 1985 verleende 'Con Spirito' haar medewerking in de volgende jeugddiensten en wel te Koudum, IJlst, Schraard, Tjerkwerd, Hindeloopen, Hommerts, H'veen, Winsum, Oosterend en Makkum.

De 50ste dorpskrant kwam op 12 september bij de mensen in de bus. En er was nog veel meer! dat helaas onmogelijk allemaal in dit jaaroverzicht kon worden geschreven. Tenslotte: Maar ook zij die van hun geliefden in dit zelfde jaar 1985 en die ook in deze bijdrage genoemd werden, afscheid moesten nemen, veel sterkte toegewenst! En ook daarom sluit ik deze laatste berichten af en bijna op de drempel van het jaar 1986 met gezang 293.

Goede Kerstdagen en een Voorspoedig 1986 toegewenst!

En allen de hartelijke groeten van de

dorpsomroeper.




Daar wij niet van alle vrienden en bekenden afscheid konden nemen, willen wij dat alsnog langs deze weg doen. Ook willen wij tevens voor alle lidmaatschappen bedanken. Bedankt voor de vele blijken van medeleven tijdens Gea haar ziekte.

Ons nieuw adres is: No. 27, 8644 VS Deersum.

Peter, Gea, Saskia en Anna Rozenberg.


(ALD) NIJS FANUT 'IT PJUTTEHONK':




Alhoewol't Sinteklaas en syn Piten alwer heech en dreech yn Spanje sitte wolle we dochs noch efkes werom sjen op dit grutte bernefeest. Nòch hieltyd wurde der út folle boarst Sinteklazefererskes songen. De goedheilichman hat wol yndruk makke op'e bern!

Sa't jo grif witte ha we Sinteklaas mei syn gefolch op'e boppeseal fan 'It Walthûs' ûntfongen. Der wiene sa'n 50 beukers en pjutten en noch wat krobbequod. Fierders menmmen en ien pake.

Oer't generaal kin sein wurde dat de pjutten wol sa dryst wienen as de beukers, wat it sitten by Sinteklaas oanbelange.



De ferskes dy't songen waarden wiene dan ek net sa lûd en allinne mar troch de Sint te ferstean.
 'Sinteklaaskapoentsje' wie ek dit jier wer de tophit.
 Der waarden troch-de-bern-makke presintsjes oanbean en Sinteklaas wie ek net krinterich.
 Dat wie mooglik troch finansjeel steuntsje yn'e rech fan'e Oranjeferiening en Doarpsbelang.
 Sa hat de hiele doarpsgemeenskip in stientsje bydroegen oan dit bernefeest. Hertlik tank hjirfoar!
 Ek hawwe de spontane gearwurking mei it persoanlik fan de basisskoalle tige op priis steld.
 Ta beslút wolle we elkenien noflikke Krystdagen en in lokkich 1986 tawinskje.



'It Pjuttehonk'

Rixt.

Hierbij wil ik een ieder hartelijk bedanken voor de belangstelling, die ik heb gehad tijdens mijn verblijf in het ziekenhuis en bij mijn thuiskomst.
 Nogmaals hartelijk dank.

Tineke Steggerda.

SPORT? JA.....TENNIS:

In pear jier lyn waard it fuotbaljen my te dreech,
it keatsen woe ek net rjocht mear en dan.....

Dan kin men passyf op'e tribune sitten gean, mar
men kin ek nochris wat oars besykje.

Tennis like my wol wat, jo witte wol, dêr wurde
hûnderttûzenen dollars mei fertsjinne.

Earst mar op les en ja hear.....de fonk sloech oer.
Nee, net dat ik al in dollar fertsjinne ha, nee, ek
noch gjin kwartsje, mar wol al in protte plesier hân
op'e baan. Tagelyk mei Ineke lid wurden fan'e
tennisferiening „t Tramhuisje" yn Nylân.

Yn Nylân sizze jo? Ja, it is net safolle fierder as
Boalsert en wol sa gemoedelik. Der binne twa banen en
sa'n 80 leden. Dat is eins wat te min foar twa banen
en no hawwe jo myn boadskip wol troch tink?

Ineke en ik woene wol dat der wat mear TsjerkwerTERS
mei nei Nylân ta geane om dêr it baltsje oer it netsje
te slaan.

Begjanners (Jo kinne les krije) en profs binne tige
wolkom!

Is tennis djoer? Jo moatte fansels in racket ha (se
binne der fan ± f50,- oant ± f500,-), in pear ballen
(± f12,-) en jo kinne los.

De kontribúsje is foar in pear f225,-, binne jo
allinne sa'n f120,- yn't jier.

Liket it jo wat ta?



Freegje om mear ynljochtingen by Thea Leenstra
(skriuwster) till. 05156-690 of Jan Dykstra (foars.)
till. 9498, Sylroede 5.

It is wol sa.....binne jo ien kear oan'e gong,
dan wolle jo net wer ophâlde.

Tennis is te spyljen fan 8 oant 80 jier,
dus.....dit is wat foar jo.

Jan D.



Hjirby wolle wy eltsenien tanksizze foar de kaarten,
blommen en oare moaie presintsjes, dy't wy by de berte
fan ús Seakle krigen hawwe.

Jan, Agatha en Eduard Witteveen.

GYMNASTIEK:

Nog even dit over de gymnastiek, in het nieuwe jaar
1986, begint de gymnastiek weer op 8 januari
(woensdagavond).

De tijden zijn dan als volgt:

Groep 1: Van half 7 tot kwart over 7

Groep 2: Van kwart over 7 tot 8 uur

Dames : Van 8 tot 9 uur

Prêttige feestdagen en tot 8 januari.



Trudy Witteveen.



BERICHTJE VAN DE ORANJEVERENIGING:

Even een klein overzicht van de op 8 november gehouden ledenvergadering. Na de opening en de verslagen was er een bestuursverkiezing.

Jan Galema die herkiesbaar was, werd weer herkozen.
Voor Annie Hiemstra, die aftredend was, is Nelly
Walsma met 35 stemmen gekozen.

Annie werd bedankt voor haar inzet en vele werk wat zij voor de vereniging gedaan had.

Daarna werd er over de gehouden enquête gesproken
deze was wel geslaagd, we weten nu wat er onder de
mensen leeft, iedereen kon nu z'n eigen idee of mening
op papier zetten.

We konden de film van en over Tjerkwerd bekijken, deze werd gemaakt in 1964.

Sietse Bakker, van wie de film is, was helaas door ziekte niet aanwezig, maar we hebben er van genoten. Er waren deze avond 47 leden aanwezig.

Het dorpsfeest zal in 1986 gehouden worden op 15 en 16 augustus.

Het bestuur.



Foar al de kaarten, fruit en blommen, dy't ik krige
by myn sykte en by myn thúskomst út it sikenhûs,
siz ik mei út namme fan Afke en de bern, jimme
allegeare hiel hertlik tank.

Tagelyk winskje wy jimme folle goeds en sûnens ta
yn 1986.


Durk Walsma.

தமிழ்நாடு

Met ingang van 1 januari is het privé nummer van het Waltahûs 9747.

Tevens wensen wij u prettige Kerstdagen en gelukkig Nieuwjaar.

Marten en Hinke.



BOARGERLIKE STAN:

Berne op 17 novimber te Renkum:
Stefan soan fan Hotze en Wyke,
(fan Jouke en Geartsje)

Yeb en Trudy binne 25 desimber
12½ jier troud.

De 14de desimber ferstoar
Douwe van der Meer. Hy waard 78 jier.

oo

BYDRAGEN BINNE KOMMEN FAN:

J. Visser - Dedzjum, mej. H. Groenewoud - Boalsert,
mefr. K. Abma - Boalsert, H. Feenstra - Singel,
Altenburg-Jorna - Gaast, U. Haarsma - Waltawei,
K. Schükken - 't Hearrenfean, S. Breeuwsma - v. Pan-
huswei, S. Poelstra - Arkum, mefr. A. Bakker-van 't Zet
- Boalsert, J. Reidsma - Boalsert, W. Haytema - Dedzjum,
H. Gietema - Rytseterp, D. Walsma - Boalsert, Y. Schakel
- Allingawier, B. Bruinsma - Dedzjum, mefr. P. Poelstra
- Dedzjum, M. van der Wal - Sylroede.

Us hertlike tank.



ST. NIC. 10 - 12 - '85 WEDSTRIJD MAATBILJARTEN:

Winnaarsronde:

- 1ste prijs H. Schakel en G. Rijpma.
- 2de " J. Reidsma - D. Walsma.
- 3de " D. Poelstra - S. Hiemstra.
- 4de " J. Dijkstra - J. Wiersma.
- 5de " G. Dijkstra - W. Poelstra.

Verliezersronde:

- 1ste prijs D. Poelstra - Sj. Breeuwsma.
- 2de " W. Meinsma - A. Feenstra.
- 3de " H. Huitema - A.G. de Jong.
- 4de " G. Hofstra - Sj. Gaastra.



FRIJWILLIGERS FREGE!!:

De âlderein fan Tsjerkwert kin waarm iten krije
út de koken fan it Menniste Skil te Boalsert.
De kok skynt lekker iten kokje te kinnen, mar no
it probleem.....
Hoe krije wy it waarm iten yn Tsjerkwert?
Der binne in oantal frijwilligers nedich dy't it iten


ophelje en besorgje by ús doarpsgenoaten.
Hawwe jo tiid en nocht om dit wurk mei op poaten
te setten, dan graach melde by mefr. v.d. Water,
direktrise Menniste Skil, till: 2456.

BILJARTEN IN DE DORPENKOMPETITIE TUSSEN

TJERKWERD - FERWOUDE 22 NOV.:

M. Brandsma 22 - O. v. Kalsbeek 40/ 2 - 0
H. Huitema 35 - B. Brouwer 46/ 0 - 2
G. Dijkstra 60 - E. Hooghiemstra 70/ 2 - 0
W. Meinsma 32 - H. de Jong 33/ 0 - 2
H. Schakel 35 - W. v.d. Weise 30/ 2 - 0
S. Hiemstra 18 - S. Ybema 24/ 0 - 2
G. Rypma 15 - P. Hilt 20/ 2 - 0
J. Reidsma 32 - G. de Boer 30/0 - 2

Eindstand: 8 - 8




TJERKWERD - EXMORRA 13 DEC.:

Jelle Schilstra 23 - Sjoerd Poelstra 27/ 0 - 2
Tsmerk Ybma 15 - D. Walsma 16/ 2 - 0
Yke Ypma 16 - Albert Feenstra 18/ 2 - 0
R. Velting 42 - Haye Huitema 35/ 2 - 0
Pieter Feenstra 47 - Germ Dijkstra 60/ 0 - 2
Sietse Altena 21 - Gerrit Rijpma 15/ 0 - 2
Pieter Ypma 27 - Hille Schakel 35/ 2 - 0
S.J. Hiemsma 42 - Jan Dijkstra 41/ 0 - 2

Eindstand 8 - 8

IT WALTARUS:

It is hast wer 1 jannewaris en dan binne wy wend om mekoar it nijjier ôf te winnen. Dat koe de lêste jierren



op it tradysjonele nijjiersbal. De baten fan yntree en bar wiene dan foar it Stichtingsbestjoer en dus foar it Waltahûs. Wy koene op dy wize it ûnderhâld fan it gebou wat op peil hâlde. It wie lykwols spitich, dat net alle Tsjerkwerter oanwêzich wiene en

it bestjoer docht der alles oan om dêr feroaring yn te bringen. -

Yn it foarste plak sil der dit jier gjin yntree frege wurde mei oare wurden: it is fergees. It bestjoer hat foar in hiel apart stikje mesyk soarge. Eins moat it wat in ferrassing bliuwe, mar trombonist Roelof Bakker fan Arkum is ien fan'e bandleiden. Jo kinne dûnsje, mar allinne harkje mei ek, gesellichheid is troef.

Fansels wurdt om in oer as âlve ek wer de tradysjonele Skieppesturt fan it jier 1985 beneamd. Wy soene sa sizze, dat it útnoegjend genôch is om efkes (of wat langer) binnen te wippen.

Oant sjen op 1 jannewaris yn ús Waltahûs.

It bestjoer.

MEDEDELING:

KERSTAVOND 24 DECEMBER OECUMENISCHE KERSTZANGDIENST
IN DE HERV. KERK TE TJERKWERD. AANVANG 21.00 UUR.

S N Y P S N A R E N



- te keap: 2 hoannen, in blauwe skiermuontsreager, 2 wite Fryske hoannen. Net foar de slacht. Priis: fergees, by Enne Feenstra.
- Fokke G. liet de grêft om'e pleats útgrave. de wetterlieding krige ek in reis. frou Gietema stie ynsjippe en wol ûnder de brûs en ja wol..... gjin wetter mear. dat doe sa de klean mar wer oan.....
- minder moai rûn it ôf mei in hokling, dy't yn'e slatmodder ombarge. de pezen fan in foarpoat stikken en it bist nei de slachter.
- frou Tysma koe nei in tsjerchtsjinst yn'e Martini-tsjerke de auto net wer fine. sykje, mar gjin risseltaat. stellen dus! nee se hie in oare útgoing naam.
- de moaie Adidas Key West sportskuon binne net ferkocht. dat wurdt dochs noch blauwe teannen.
- ijs en weder dienende is der op 25 jannewaris in tonieljûn yn en foar it Waltahûs mei eigen krachten. it stik hjit 'Mei skeane eagen'. hâldt dy datum frij.
- ús doarp is no fersjoen fan tegels mei: honden in de goot (poepe). it wurdt hjir ek al in bytsje stêdsk.
- de mesykferiening 'Eensgezindheid' hâldt har jierlikse útfiering op 1 maart 1986.
- de 1e snein yn jannewaris is der in kofjekonsert yn it parochyûs te Sint Nyk. dêr sil 'Eensgezindheid' optrede mei de pleatslike fanfare.

- it tsjerkekoor hat op it konkours in 1e priis helle. waarvoor hulde!!
- doe't Sinteklaas fan it Waltahûs nei skoalle ferfierd waard, lei hy folslein yn ûnmacht efteryn in auto.
- Jelte, aspirant machinebankwurker, hat him sels mei de moker op'e wiisfinger slein. skuonmakker bliuw.....
- by Tysma hiene se sokke moaie zebrafinkjes, mar och..... earst friet de kat ien op en letter doe't frou Tysma de koai himmelje soe, tocht se ik sûch him efkes út. dat betearde mâl, it sebrafinkje fleach yn'e slang en oerlibbe it net.
- it is te merken dat de nije foarsitter fan doarpsbelang Hylke Feenstra rintener boer is. der wurdt no op middei fergadere.
- okkerdeis bliuwden se yn'e peuterseal mei lytse Jelte S. sitten. mar Richtsje fûn dat se oan ien Jelte S. wol genôch hie en brocht de fergetten soan dêrom doe sels mar wer te plak.
- hawwe jo dûken yn'e auto, gean nei Hille S. en hy wurdt wer as ny.
- ûnder de fergadering fan de redaksje hat Marten K. tsjin Jelte ping-pong spile. Jelte wûn, mei seare fingers en al.
- kopy ynleverje foar 15 febrewaris.



3



3